4-5-'80

# 'T SKIEPPE-STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

4e Jiergong " IT SKIEPPESTURTSJE " Nû. 5.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, till. 9487
Sytske Dykstra-Bouwhuis, ,, 2968
Rients van Buren, ,, 9280
Marten Kikstra, ,, 9269
Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800 t.g.v.
It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.

FOARWURD:

De hjerst is al wer yngien en dat is al oan in protte dingen te sjen.
No't it jûns wer sa gau tsjuster is, krije wy wer echt sa'n hjerstgefoel. De dikke klean binne wer út 'e kast en ek it waar is tige hjerstich, hurde wyn en reinwetter dus.

Mar de hjerst is wol gesellich. We wurde faaks wat húsliker en kinne wer lekker mei ús kâlde fuotten rûnom de waarme kachel (spitich, sah sintrale ferwaarming).

In moai begjin fan it winterprogram yn ús doarp wie ferline wike snein. In kofjekonsert, ús oanbean troch it muzykkorps "Eensgezindheid". It wie geweldich wat dit korps nei foaren brocht en we hiene in gesellige moarn.

Ek docht it ús tige goed, dat alle wenten yn Tsjerkwert wer, of hast wer bewenne binne. Sa sjogge jo mar wer, it wennet op in doarp sa gek noch net.

Wisten jimme trouwens al dat Parregea ek in doarps-krante kriget?

Wa't wat wit foar ús nije krantsje, wol dy dat efkes foar 15 desimber trochjaan oan ien fan ús?

S.D.

£ £ £ £

Berichten van de Dorpsomroeper ............

* Vooreerst wil ik de mensen van de Sylroede eens een Grote Pluim op de hoed steken aangaande het jaarlijkse Dorpsfeest van jl., ook al omreden dat die jaren, dat ik hier woonde en dat zijn er ruim zestig, nimmer nog zo een wonderbaarlijke feestverlichting aanschouwde als in die bedoelde feestdagen die zij hadden ontstoken, geweldig. Ja dan viel de rest van ons dorp toch wel iets uit de toon, daar mag een volgend jaar wel het een en ander aan gedaan worden of niet soms.

* De optocht: kort mijn indruk hierover geweldig. Kosten nog moeite waren gespaard velen deden weer mee en zo was het ook met de andere evenementen en tenslotte wou ik zeggen: Eendracht maakt macht en zo was het.
Jaren geleden bij het dalen van de schemeravond gingen de jonge Heren en Dames hand in hand in de Kring en het spel begon luid zingende dat schone lied "Rosa, Rosa, bloemen op je hoed" maar daar is weer genoeg anders voor in de plaats gekomen.

* Onze plaatselijke fotograaf klaarde het toch maar de Beker uitreiking van de Tuinwedstrijd 1980 als Voorpagina-foto en nieuws de regio bekend te maken. Voor de beker-winnaar en zijn gezin een onvergetelijke dag zou ik denken.

* Dan las ik voor u nog in een landelijk Ochtendblad in een advertentie van iemand die zijn woning in

Friesland te koop aanbood.
Het volgende: In Friesland hebt u het vacantiegeld niet nodig en of ze nu wel of niet in Den Haag het vacantiegeld halveren, in Friesland wordt er nauwelijks over gesproken. Hoeft ook niet. De mensen daar hebben alleen al door de omgeving een heel jaar gratis vacantie. De koper zullen wij in ieder geval een hartelijk welkom toeroepen en de rest zal hij wel zien.

* De prijsuitreiking van de Tuinwedstrijd 1980 zal weer worden gehouden in het Waltahuis.
Tijd en aanvang daar hoort u nog wel van.

Hopende dat u deze letteren weer in goede gezondheid mag lezen.

De Dorpsomroeper.

('('('('('('(

Achte ynwenners fan Tsjerkwert en omkriten,

Hjirby in berjochtsje fan de "frouljusferiening út Dedzjum".
De ferkeaping en spuljûn mei in grutte ferlotting derby, dat wy ienris om 'e twa jier hâlde, is ek dizz' kear wer bysûnder slagge. Om't er noch al wat prizen yn "Tsjerkwert" belanne binne, woene wy dit ek efkes yn 't algemien bekend meitsje.

De haadpriis belanne by "Albert en Akke" op 'e Singel, in skemerlamp. Sietse en Doetie krigen de twadde priis, in túnstoel.
It "fondue-stel", dat wie de tredde priis, is nei mefr. Postma-Schakel gien te Boalsert.
Jan en Iet Galama krigen in hierföhn, de fjirde priis.
De fiifde en lêste priis wie foar Wiebe en Doutsje, in theekuorke.

Hertlik groetsjend fan 'e leden
fan 'e frouljusfer. út Dedzjum.

Nije ynwenners:

Hallo allemaal,

Op 27 september zijn we in Tjerkwerd komen wonen op Singel 6: Rintje, Geke, Binke, Hendrika en Thea Bakker.

Groeten aan jullie allemaal,

fam. Bakker.

-,-,-,-,-,-

Bejaardenreis Tjerkwerd-Dedgum.

Dinsdag 12 augustus hadden we weer een gezellige reis. Per bus naar Hoorn, per tram naar Medemblik en per boot naar Enkhuizen, waar de bus weer voor ons klaar stond om on over de nieuwe dijk door het IJsselmeer naar de Flevopolder te brengen.

In Leliestad, in het voorlichtingscentrum, zagen we een film over het ontstaan van de polders. In Nagele liet het diner zich goed smaken.
Tijdens het diner hebben we gepraat over het voortbestaan van deze reis. De deelnemers vonden dat de kommissie die het nu organiseert, blijft bestaan als reiskommissie, dat er geen rondgang meer door het dorp gemaakt wordt voor deze reis, dat men vanaf 55 jaar mee kan gaan.

De reis had deze keer een nadelig saldo, mede doordat we van zoveel verschillende soorten vervoermiddels gebruik maakten, maar dit kon bestreden worden uit een potje dat er nog was van vorige reizen.
We willen ieder, die altijd deze reisjes financieel gesteund hebben, nogmaals heel hartelijk danken.

De reisdatum volgend jaar zullen we tijdig in de Skieppesturt bekend maken.

De reiskommissie.

## Bejaardensoos Tjerkwerd-Dedgum:

De eerste soosmiddag was op donderdag 23 oktober jl. om 14.00 uur in het v/m Groene Kruisgebouw te Tjerkwerd. De heer Batteram had opnamen gemaakt van het reisje in augustus en heeft die voor ons vertoond + opnamen die gemaakt zijn tijdens het feest in Tjerkwerd.

Het was een hele mooie middag en we hopen, dat we weer verschillende gezellige middagen mogen hebben de komende winter.

De kommissie.

££££££££££

## Nijs en âld-nijs fan 'e Oranjeferiening:

Om mar mei it âld-nijs te begjinnen:

It doarpsfeest op 5 en 6 sept., is no al sawat 2 moanne lyn en de measte prizen oan jild en oars sa wat, sille no hast wol fersnobbe of ferfeestfierd wêze. Dochs woene we der noch efkes op werom sjen.

5 Sept. de jûns begong it allegearre, it muzyk gong troch de prachtich fersierde buorren, mei dêrefter de optocht dy 't dit jier tige slagge wie. Der wiene mar leafst 10 weinen en noch in grut tal lytse weintsjes en rinnend spul.
Foaral de weinen wiene prachtich, en der is in protte wurk foar dien om sa goed mooglik foar it ljocht te kommen. It wie oan de jury, dhr. Piersma út Heech en Wiepie Woudstra út Aldegea (W) om út te meitsjen, wa 't de moaisten wiene.

Grutte weinen:

1e priis: "Wês frysk, lês frysk".

De wein fan de fam. Walsma, Speerstra en Postma fan Iemswâlde.

2e priis: "Trouwe is bargeslachtsjen".
De wein fan Arkum.

3e priis: "De begearte om grut te lykjen hat mannichien lyts makke".
De weinennfan 'e Sylroede.

Lytse weintsjes:

1e priis: "Doe en no" fan de fam. Huitema fan 'e Singel.

2e priis: "Feike Fodde" fan Tsjalke v.d. Meer.

Rinnend spul:

1e priis: "Hokus Pokus"; Sjoerd Huisman en Jan Diederik Nijenhuis.

2e priis: "Huifkar"; Thea Blanksma en Gerrit Schukken.

3e priis: "Cowboy en Indiaan"; Heleentje en Robert Tiesma.

Nei ôfrin wie der dûnsjen op muzyk fan "Stone Free" wêr't graach gebrûk fan makke waard.

Snoon 6 sept.: It muzyk en de optocht gongen wer troch de buorren en dêrnei allegearre nei it sportfjild in lekker bakje kofje helje yn 'e tinte fan 'e muzykferiening, dy 't wer op in geweldige maier soarge hat foar ús hapkes en drankjes.
Om 10 oere begong it keatsen, volleybaljen en de bernespultsjes. Der wiene 8 partuer keatsers.

1e priis: Jan Blanksma (kening), Sjoerd Bakker, Meinze Poelstra.

2e priis: Henk van 't Zet, Jan Bouwe Bouma, Frans Mulder.

3e priis: Jan Dykstra, Marten Kikstra, Cor Goeman.

Utslach volleybaljen:

1e priis groep 5: Ruurd Gietema, Trudie Huitema, Marijke Galama, Wab Hoekstra, Hylke Feenstra, Tetje Bakker.

2e priis Catrien Huitema, Hans Batteram, Jelle Zijsling,
groep 6 : Bart Gietema, Nelly Walsma, Hinke Gietema.

3e priis: Akke Gietema, Janny Gietema, Klaske Postma,
groep 2 Peter Hendriks, Broer Burghgraef, Rika Fabriek.

Uitslach bernespultsjes:

Jongste beukers: 1e: Rogier v.d. Weg; 2e: Durk Ouderkerken.

Aldste beukers : 1e: Willy Breeuwsma; 2e: Jan Diederik Nijenhuis.

1e en 2e klasse: 1e: Carolien Draaisma; 2e: Gooitzen Brandsma; 3e: Ankie Poelstra.

3e en 4e klasse: 1e: Alie Feenstra; 2e: Jan Hiemstra; 3e: Joost Huisman.

5e en 6e klasse: 1e: Tjitze Bouma; 2e: Bertus Rinse Bakker; 3e: Akke Reidsma.

Middeis om 1 oere wie der foar de bern "Adriaan Schaap's téater" yn it Waltahûs.
It wie wat spitich dat oan 'e ein de film stikken rekke en net fierder draaid wurde koe, mar fierdersoan waard der foar de bern in tige slagge program brocht.

By de doar die him ek noch in aardich foarfaltsje foar:
Annie Hiemstra siet by de doar en der komme twa froulju oan; hja fregen om in stimpel en Annie sei: "Dat is dan 2 gûne". De froulju betellen fuortendaliks en soene de doar wer út. Annie freget: "Moatte jimme dêr net yn 'e seal?" Mar nee, de dames diene mei oan in fytstocht en wiene it paad wat bjuster. Annie hat se it jild mar wer werom jûn en de dames binne wer ôfset.

Om 2 oere waard de wikselbeker fan it Fierljeppen ferljept en gong nei twa kear wûn te wêzen troch Joh. Dykstra, nei in oare tydlike eigner, t.w. Jan Blanksma, mei in sprong fan 10.02 meter. 2e Priis: Durk Hiemstra - 9.55 mtr.;
3e priis: Perry Goeman - 9.54 mtr.

Fierljeppen jongeren oant en mei 16 jier:

1e priis: Sjoerd Bakker - 9.06 mtr.;
2e priis: Richard Schakel - 8.76 mtr.

De prizen by de 50+-ers binne wûn troch:

mefr. Batteram, 1e; dhr. Hoekstra, 2e; mej M. Dykstra, 3e. It petsjebaljen gong harren mar knap ôf.

De pearen diene by de kroaderace ek tige harren bêst in priis yn 'e wacht te slepen. De útslach wie:

1e: Jan en Ineke Dykstra; 2e: Richard Schakel en Janny Volbeda; 3e: Piet Hibma en Tetje Bakker.

Nei ôfrin koe men noch efkes neisitte yn 'e tinte wêr't de "Boereblaaskapel" in fleurige noat blaasde en de stimming der aardich yn brocht. Ek omdat it waar tige meirûn, kinne wy sizze: it wie in tige slagge dei.

De jûns spile "Tryater" it stik "Frou minske". Al wiene de mieningen oer de ynhâld fan it stik nochal ferdield, it waard tige moai spile en it hat noch nea sa stil west ûnder in stik yn 'e seal sa grôtfol minsken. Nei ôfrin fan it stik is der noch tige dûnse oant yn de lette oerkes op muzyk fan "de Tizebosken" út Boalsert.

It wie al mei al in tige slagge feest.

---

Us jierlikse gearkomste hat tongersdeitejûn 23 oktober west.

---

En no noch wat nijs:

De yntocht fan Sinteklaas sil wêze op 29 novimber. It is dit jier ek wer de bedoeling in tekening te meitsjen foar de goede Sint; dus bern, doch jim bêst! It program kinne jo tsjin dy tiid noch troch de brievebus ferwachtsje.

J.S.B.

Herinnering:

Even een kleine herinnering voor de fondueavond van 1 nov. a.s. U kunt zich alsnog opgeven.
Zie verdere gegevens vorige "skieppesturt". Voor de 100ste persoon, die zich voor het fonduen opgeeft, een gratis fondueavond en een leuke attentie.

Het fonduecomité.

tel. S. Bakker: 9440
,, A. de Haan: 9529.

&&&&&&&&&&

Biljartver. Seizoen 1979-1980:

Door omstandigheden kan het wel en wee van onze ver. eerst nu bekend worden gemaakt.
Dhr. R.G. de Jong is na vele jaren van dienst als voorzitter van onze ver. afgetreden. We kunnen stellen, dat hij altijd met grote inzet deze functie heeft vervuld. B. Volbeda werd onze nieuwe voorzitter; M. Brandsma is de penn.meester en J. Reidsma de secr. De start van de comp. was 11 sept. '79. Voor onze dorpencompetitie kregen we 20 nov. Parrega op bezoek. Er werd die avond fel om de punten gestreden; zij gingen ook met de winst naar huis. Toen wij dan ook op 8 febr. naar Parrega reisden voor de tegenwedstrijd, wisten we dat we niet een makkie zouden krijgen en dat bleek al vrij gauw, want de eerste vier partijen waren voor Parrega. Wilden we nog winst behalen, dan moesten we de laatste acht wedstrijden winnen; toch lukte ons dit, maar vraag niet hoe de zenuwen gierden door het "bruine café". Bedankt Waard Bergstra voor de goede verzorging en wij kregen de wisselbeker voor de tweede keer mee naar Tjerkwerd.

Het verloop van de competitie gaf geen al te grote verschuivingen te zien: M. Brandsma werd de nieuwe kampioen met 42 pnt. H. de Boer tweede met 38 pnt. en B. Volbeda derde met 37 pnt. Ieder gelukgewenst.

Inmiddels zijn we alweer gestart met de comp. '80-'81. In de verg. van 2 sept. jl. is M. Brandsma afgetreden; zijn zittingsperiode was voorbij. S. Hiemstra werd gekozen om deze plaats in te nemen. Het ledenaantal is van 15 tot 22 gestegen.

Eventuele volgende aanvragen zullen op de wachtlijst worden geplaatst. Er is altijd iemand, die vraagt: "Wanneer gean wy mei de boat fuort?"

$$$$$$$$$

<u>Inkelde koarte berjochtsjes</u>:

<u>7 Nov</u>. is de ledenvergadering van de "IJsclub", met een film over het dorp Tjerkwerd (o.a. feest 1980) van B. Volbeda.

<u>IJstraining</u>: vanaf nu kan men zich weer melden voor de ijstraining in Makkum bij één der bestuursleden.

---

De traditionele <u>Sint Maarten-optocht</u> start a.s. dinsdag 11 november om <u>half zes</u> n.m. op het <u>schoolplein</u>.
<u>Route</u>: Schoolplein - Waltaweg - Sylroede - Sportveld - Singel - Kerkstraat - terug naar de school.

C.H.D.

---

Wie helpt mij uit de kou?
Wie kan mij aan een gevelkachel helpen?

L. Bekema, Kerkstraat 10.

---

<u>BERNE</u>: Yn ús doarpke waarden 2 jonge gesinnen ferrike mei útwreiding. By de fam. R. Bakker op Fjildhuzen stiet foar de earste kear it widske oer 'e flier. Sy krigen in famke: <u>LIESJE</u>.
By de fam. S. Greidanus op 'e Singel, barde dit foar de twadde kear. Nei in dochter no in soan. Syn namme is <u>SIEBREN</u>.

Hjir wer in lyts berjochtsje fan
"Doarpsbelang Tsjerkwert".

De Fryske les, dy't wy organisearre hawwe mei de A.F.U.K., is wer ôfrûn. Op 5 septimber hawwe wy eksamen dien; spitich genôch binne der fjouwer fan de acht froulju sakke. Mar we hoopje, dat se der dochs noch wat fan opstutsen hawwe.

\- - - - - - - - - -

* De gearwurking mei de "Ruilverkavelings-kommissie" hat al wat opsmiten, n.l. dat de ynwenners fan Tsjerkwert ynkoarten in boekje troch de bus ferwachtsje kinne mei wat nijsgjirrige dingen oer Tsjerkwert.
* Ek kinne jo ynkoarten ien oan'e doar ferwachtsje foar de kontribúsje.
* Wy hoopje yn novimber ús jierfergadering te hâlden.
* Yn novimber geane wy ek wer los mei de "ruilverkaveling". De hear Salverda hat de útkomst fan de enquete yn in ferslach gearstald. Oer dit ferslach hawwe wy ek noch in doarpsjûn, mar dêr hearre jimme noch wol wat fan.
* Dan noch ien ding: as der in stikkene strjitlampe is, wolle jimme dat dan efkes trochjaan. It kin dan sa gau mooglik oan Wytmarsum trochjûn wurde; tillefoan: 9140.

Mei groetnis,

it bestjoer.

£ - £ - £ - £

Bydragen binne kommen fan: fam. Batteram, Singel; Y. Bolta, Boalsert; Jelly de Jong, Drachten; Joh. de Haas, Waltawei; J. Speerstra, Iemswâlde; S. Hiemstra, v. Panhuyswei; J. Deelstra, Seisbierrum; D. v.d. Werf, Boalserterdyk; B. Burghgraef, Boalsert.

Us hertlike tank hjirfoar!

## Śnypsnaren:

- ferfolch fan no. 4 oer Pyt van Z. en Ule H. : doe't Pyt wer by de wâl opklaut wie, wiene syn klompen fuort. Ule wol se net betelje ( hy hat ek in djûr skofke hawn mei al dy oanridingen fansels ) en Pyt sit mar raar mei de skea yn 'e mage. Faeks kin in kollekte útkomst bringe ( oare kear mear ? )
- in jonkje fan likernôch 7 jier komt by Marten yn 'e winkel om TAMPAX. Marten freget, foar wa is't ? Andert fan de lytse baas : foar ús heit en foar ús mem en foar ús allegearre.
- ús âld-doarpsgenoat Hylke Speerstra hat wer in boek skreaun : Yn de boer syn tiid. As de redaksje in eksemplaar oanbean kriget, folget in krytysk ferslach yn it folgjende no.
- Erica hat har riidbewiis helle en tuft nou yn in oranje kever troch it gea; waarvoor hulde!!!
- Ule kin foardeliger it sleatsje foar syn hûs efkes heakkelje.
- cineast Brandt Volbeda hat in film makke, dy't op 'e gearkomste fan de iisferiening draaid wurde sil.
- Gerrit van der Wal soe in dei út te fiskjen, mar yn pleats fan kertier foar sânen stie Gerrit om seis ûre al op 'e brêge. doe't de maten einliks kamen wie Gerrit al wer by Ieke. en dat foldie sa skoan, dat Gerrit net mear mei woe en dermei út.
- by de femylje Flapper binne se jouns oan 't sjoelen. okkerdeis lei Pappa Flap der plat foar, mar it slagge net al te bêst. Risseltaat : 0 punten. hiene se fergetten it pankje foar de gatten wei te heljen. haha.
- ús trommelslager Siep H. frege : wat betsjut O.B. ? dirigent Jan B. andere : meitsje der mar M.K. fan, dat is : Met Knuppel.
- de trekker-trek wurdt grif ek minder. wy hearre der noait mear wat fan. it is in spultsje fan mear reek as krêft.
- kopie ynleverje foar <u>15 decimber</u> !!!!!!!!

